

De Fryske Rie en de trije Fryslannen (II)¹

De *Ynterfryske Rie* noaget as koepelorganisaasje fan alle Friezen yn Nederlân en Dútslân ienris yn de trije jier de Friezen út om nei it Noard-Fryske eilân Hilgelân (Helgoland/déat Lun) te kommen. Dat eilân yn de Dútske bocht wie foar de Friezen yn harren skiednis in 'hillich stee' en is dat winliken noch jimmeroan.

Op nei mear politike ienheid tusken de Fryslannen?

Sytze T. Hiemstra & Saapke Miedema


Fan freed 28 maaie oant en mei snein 30 maaie 2010 hat dat saneamde 'Friesen-Droapen' (Frieze-moeting) wer west. By dy moeting fan Westerlauwerske, Noard- en East-Friezen waarden ûnderskate kulturele aktiviteiten organisearre. Nij wiene diskear in Fryske *intensiederswurkwinkel*, in *polityk kafee* en in ekskurzje nei it ferneamde *fûgelringstasjon*. It intensieden waard laat troch Wieke de Haan fan Mantgum en de East-Fries Markus Grafenburg hie klauwen oan it yn goede banen lieden fan it polityk kafee. Dat is him treflik slagge. Bepraat is û.o. de fraach hoe't de ynfloed fan de Friezen op de polityk en de maatskippij grutter en sterker makke wurde kin. De ûntfangst op it fûgelringstasjon wie yn hannen fan de Hilgelanners.



By oankomst fan de boaten mei Friezen op dat prachtige eilân waarden de dielnimmers troch de *Seksje East* fan de *Ynterfryske Rie* ferwolkomme mei molke. Dêr binne gâns Friezen ommers mei opbrocht en grut en sterk fan wurden. Soks hat op Hilgelân grif ek fertuten dien. It tinken oer in ynter-Frysk 'parlemint' en in ynter-Frysk ferdrach hat dêr in nije ympuls krige. Mar earst koart wat ynformaasje oer oare aktiviteiten¹.

Dûnsgroepen, wol of net yn de tradisjonele klaaiing, út Westerlauwersk Fryslân, Noard-Fryslân en Butjadingen (Wesermarsch) lieten sjen wat se koene. Yn wurkwinkels holden de Fryske gasten har ûnder mear dwaande mei fideo-aktiviteiten, intensieden, dûnsjen (ek ynternasjonaal) en (Fryske) sporten.

Maatskiplike en kultuerpolitike fragen kamen de freedts op it gemeentehûs op it rabat yn in mien-skiplike gearkomste fan de *Ynterfryske Rie* en in dei letter op itselde stee yn in 'polityk kafee'. By beide gearkomsten waarden wy net allinnich hertlik ûntfongen troch de boargemaster fan Hilgelân,



Frank Botter (foto), mar hy die ek ynhâldlik goed mei oan ús oerlis. Yn septimber nimt er spitigernôch ôfskie as boargemaster. Wy sille syn namme ûnthâlde.

Nei in ynter-Frysk 'parlemint'?

Yn 2007 hat Sybren Posthumus it 'polityk kafee' betocht, in idee dat yn 2010 fierder troch de organisaasje útwurke waard. In polityk ûnôfhinklike diskusjelieder waard fûn yn de jonge East-Fries Markus Grafenburg. Sa'n tritich Friezen redendieden oer in útstel om te kommen ta in soarte fan *ynter-Frysk* 'parlemint', dat dus oer de lânsgrinzen hinne aktyf wêze moatte soe. Dêr soene Provinsjale Steaten fan Westerlauwersk Fryslân, de 'Kreistag' fan Noard-Fryslân (Sleeswyk-Holstein), de 'Ostfriesische Landschaft' (in soarte fan kultuerparlemint) yn East-Fryslân en oare relevante territoriale publykryjochtlike lichems yn fertsjintwurdige wêze moatte.

Ut de diskusje kaam it idee nei foarren en lit de *Ynterfryske Rie* in wurkgroep yn it libben roppe

om wichtige mienskiplike tema's út te wurkjen. Dy moatte dan foar fierder besprek oan de mienskiplike gearkomste fan de *Ynterfryske Rie* foarlein wurde. Der wie genôch belangstelling foar om oan dy wurkgroep mei te dwaan. Der moat in wurkdokumint opsteld wurde dat ek oan it *Ynterfrysk Kongres* foarlein wurde kin.

Dat krewearjen soe der úteinlik ta liede moatte dat der mear rekken holden wurdt mei de Fryske belangen yn Dútslân en Nederlân. Net allinnich op it nasjonale, mar ek op it Europeeske flak. As ferdúdliking in koarte gearfetting fan de tige nijsgjirrige ynbring fan Dieter Baumann, ien fan de dielnimmers.



Politike ienheid

Yn de diskusje yn it 'polityk kafee' oer it fraachstik fan in ynter-Fryske 'politike ienheid' brocht de eardere foarsitter fan de *Ynterfryske Rie*, Dieter Baumann, nei foarren dat yn in feriene Europa der gjin wei werom is nei lytse steatsienheden. It dreamen oer in nije autonome Fryske steat like him in drôchbyld. Mar de Friezen wiene wol de earsten dy't net lang nei de Twadde Wrâldoarloch yn in *Frysk Manifest* (1955) oanstien hawwe op in feriene Europa, om sadwaande de ferskrikings fan dy oarloch te boppe te kommen. Dat feriene Europa is werklikheid oan it wurden. Mar wy moatte net ta op in unifoarm Europa, in Europa fan de 'ienheidsbrij'. Der kin better striden wurde foar in *Europa fan de regio's* ('Europa der Regionen'). It *regionale ferskaat* ynspirearret neffens Baumann grif dy Europeeske ûntjouwing. By in 'politike ienheid' fan Fryslân moat der neffens him net oan in aparte, autonome Fryske steat tocht wurde. In beskate 'ienheid' is lykwols wol needsaaklik as it giet om it behertigjen fan ús politike belangen binnen de besteande steatkundige ferbannen (Europa [Brussel], Nederlân resp. Dútslân; Niedersachsen resp. Schleswig-Holstein).

It ûntwikkeljen fan Fryske ienheidsstruktueren

Om op hegere nivo's ynfloed te krijen en ernstich nommen te wurden, soene alle Friezen, sa ornearre Baumann, mei ien mûle sprekke en ien klear lûd nei foarren bringe moatte. Der soe in sterke represintaasje fan de Fryske 'belangen' komme moatte. Dy fertsjintwurdiging kin allinnich krêftich en ynfloedryk wêze as dy troch alle Friezen akseptearre wurdt en demokratysk legitemearre is. Dy opdracht kin neffens him it bêste troch in mienskiplik Frysk 'parlemint' of 'kongres' útfierd wurde. Yn alle Fryslannen binne der hjoed-de-dei ûnderskate fertsjintwurdigings. Sa hat Westerlauwersk *Fryslân* in direkt keazen 'parlemint' (Provinsjale Steaten). Yn Noard-Fryslân (Nordfriesland) omfettet de *Landkreis Nordfriesland* it gebiet fan de Noard-Friezen en dat plattelânsdistrikt is útrist mei in *direkt* keazen *Kreistag*. Yn East-Fryslân (Ostfriesland) bestiet in *yndirekt* ôffurdige kultuerparlemint, de *Ostfriesische Landschaft*, dat keazen wurdt troch Auerk (Aurich), Lier (Leer), Wittmund en de stêd Emden.

In mienskiplik Frysk kongres soe sadwaande troch dy trije direkt of yndirekt demokratysk legitemearre parleminten foarme wurde moatte troch leden ôf te furdigjen. De ôffurdiging fan Hilgelân en de gebieten fan de *Seksje East* dy't net troch de Ostfriesische Landschaft fertsjintwurdige wurde, moat dan noch apart regele wurde. It doel en de taak fan sa'n 'einheitliche politischen Vertretung aller Friesen ist es, gemeinsame Interessen aller Friesen oder Teilinteressen von Friesen in ein oder zwei Sektionen machtvoller und effektiver zu vertreten'. It giet om ynfloed by beslissings yn alle fraachstikken dy't de Friezen reitsje. Us identiteit stiet op it spul!

Yn de mienskiplike gearkomste fan de *Ynterfryske Rie* op Hilgelân is in stik ynbrocht dat wy op dit plak ek mear omtinken jaan wolle. Dêrby stiet de fraach sintraal oft der op desintraal nivo in formeel *ynter-Frysk ferdrach* ôfsletten wurde moat. Foar in goed begryp is dy fraach yn in histoaryske kontekst pleatst.

Foarskiednis

Yn 1996 hat Nederlân it *Europeesk Hânfêst foar regionale talen of talen fan minderheden* (*European Charter for Regional or Minority Languages*) ratifisearre. Nederlân hat út diel III fan dat Hânfêst 48 ferdrachferplichtings ûndertekene foar it beskermjen en it befoarderjen fan it Frysk. Yn

de rin fan 2007 hat de ryksoerheid syn tredde rapportaazje (oer de perioade 2002-2005) oan de *Ried fan Europa* oanbean. Dêr wurde de maatregels yn beskreaun dy't de ryksoerheid nommen hat oangeande de Fryske taal en kultuer. In ynternasjonale kommisje fan saakkundigen fan de *Ried fan Europa* hat it rapport bestudearre. Dat hat laat ta oanbefellings fan de *Ried fan Europa* oan Nederlân.

It *Konsultatyf Orgaan* (KO; Holl.: *Consultatief Orgaan Friese Taal*) is yn 1998 op grûn fan kêst 7.4 fan boppeneamd *Europeesk Hânfêst* ynsteld om de Minister fan Ynlânske Saken en Keninkryksrelaasjes te advisearjen oer de tapassing yn 'e praktyk fan dat *Europeesk Hânfêst* fan de *Ried fan Europa*. Dy advyskommisje bestiet sûnt 2002 út fiif persoanen dy't in breed skala fan maatskiplike sektoaren fertsjintwurdigje. Foarsitter is drs. Gerrit Ybema. Richt Sterk is sekretaris fan it *Konsultatyf Orgaan/Berie foar it Frysk*. De gearkomsten fan it KO wurde bywenne troch in fertsjintwurdiger fan it Ryk en in fertsjintwurdiger fan de Provinsje.

Yn 2007 hat it KO in memorandum yntsjinne by de Minister fan Ynlânske saken, Guusje ter Horst. Dat memorandum is benammen opsteld nei oanlieding fan de harksitting fan it *Konsultatyf Orgaan* op 2 novimber 2006². Op 5 septimber 2007 kaam op 'en nij in delegaasje fan de kommisje fan saakkundigen fan de *Ried fan Europa* nei Ljouwert foar in harksitting, organisearre troch it KO as yntermediêr. Fan de *Fryske Rie* hawwe Sytze Hiemstra en Saapke Miedema dêr ynsprutsen. Dat waard dien oan de hân fan troch it KO foarleine fragen dy't ek op skrift beândere waarden troch sawol Roel Kaastra (foarsitter fan de *Fryske Rie*) as Sytze Hiemstra (bestjoerslid fan de *Fryske Rie*).

Yn it memorandum dat dêrnei ferskynde, kamen ûnderwiis (foarskoalsk, primêr, spesjaal, fuortset, middelber en heger beropsûnderwiis), justysje, oerheden, media en kultuer oan 'e oarder. Mar ek *útwikselings* dy't oer de *steatsgrinzen hinne* geane. Dy beslane yn it foarste plak de kontakten mei de Noard-Friezen yn de dielsteat Sleeswyk-Holstein en de Friezen yn Sealterlân en East-Fryslân yn de dielsteat Niedersaksen. Foar de organisaasje fan dy kontakten riedt de *Fryske Rie* sûnt 1956.

Op 25 febrewaris kaam it *Advisory Committee* fan de *Ried fan Europa* nei Ljouwert om mei Fryske

organisaasjes te praten oer de tapassing fan de *Framework Convention for the Protection of National Minorities* (FCNM), dus it *Ramtfedrach foar de beskerming fan nasjonale minderheden*. De Friezen binne sa'n nasjonale minderheid. By dy gelegenheid hat Hiemstra foar de *Fryske Rie* ynsprutsen en op de needsaak wiisd om de ynter-Fryske kontakten (ek) te basearjen op in ferdrach dat tusken bestjoerlike autoriteiten sletten wurdt.

Aktueel

Febrewaris 2010 is it earste rapport fan it *Advisory Committee* oangeande it ymplementearjen fan it boppeneamde *Ramtfedrach foar it beskermjen fan nasjonale minderheden* fan de *Ried fan Europa* yn Nederlân iepenbier makke. Nederlân hat in reaksje skreaun op dat rapport.

Dêrfan is punt 8 tige nijsgjirrich foar de *Fryske Rie* en de *Ynterfryske Rie*. Yn dat punt wurdt nammentlik wiisd op it saneamde meganisme fan 'European Grouping of Territorial Cooperation'. Dat meganisme jout de mooglikheid oan organen om in **formeel ynter-Frysk ferdrach** te sluten op *desintraal* nivo. Net allinnich op polityk gebiet, mar ek op it mêd fan kultuer en ûnderwiis.

De oanbelangjende passaazje

[punt 8] 'The Dutch government sees insufficient reason for bringing about a treaty between the Netherlands and Germany so that the interests of Frisians be better served by following such a course of action (cf. paragraph 112). **Should the occasion and need arise among the authorities in the province of Fryslân for a more active form of collaboration in an inter-Frisian connection, the mechanisms of the European Grouping of Territorial Cooperation (EGTC) regulation will then be at their disposal for that purpose. This EU regulation gives the option to decentralised authorities, as well as to other regulatory bodies such as universities and colleges of higher education, to enter into a formalised cross-border joint venture governed by public law.'**

In útstel

Neffens trije bekende Noard- en Westerlauwerske Friezen moatte wy dy Europeeske (fetprinte) útdaging oan ús Friezen oangripe en bygelyks in berop dwaan op it platfoarm fan it *Europeesk Buro foar Lytse Talen* (EBLT), op *Mercator Europeesk Kennissintrum foar Meartaligens en Taallearen* en op it boppeneamde *ramtfedrach* en *taalhânfêst* om sa ta in (noch) bettere *ynter-*

Fryske gearwurking te kommen. Yn Fryslân sil der mooglik ek kontakt socht wurde moatte mei de *Ried fan de Fryske Beweging*. Hjir leit in geweldige kâns dy't grif ekstra wearde tafoeged oan wat der no al dien wurdt³.

Der is in útstel dien om mei in lytse groep East-, Noard- en Westerlauwerske Friezen de prinsipe-oanpak te bepraten (bygelyks fan eltse seksje twa fertsjintwurdigers). It doel soe wêze kinne en moatte dat de Nederlânske Minister fan Ynlânske saken of politike bestjoerders út Fryslân en beide Dútske dielsteaten oer trije jier in *gearwurkingsferbân* ûndertekene.

Der soene jierplannen (mei byhearrende finânsjes) komme moatte, foar bygelyks in jier as fiif. As it (ek finansjeel) wat wurdt, dan is it foar ien fan de oanbelangjende oerheden ek dreger om him werom te lûken of it útstel te skrasen. Sa hâldt men it oan 'e gong en is de finansjele stabiliteit grutter. Gearwurking soe û.o. kinne op ûnderwiis-gebiet, bygelyks útwikseling op it mêd fan de pabû. Dêr is yn Dútslân mooglik wol ferlet fan.

Op de miene gearkomste yn Hilgelân is it beslút nommen om ynkoarten in lytse groep mei East-, Noard- en Westerlauwerske Friezen gear te stallen en dat dy groep binnen in pear moanne byinoar komt om de prinsipe-oanpak te bepraten. Wy binne dêr út soarte wiis mei. Mooglik kin soks kombinearre wurde mei de bestjoerdersmoeting yn septimber yn East-Fryslân.

Noaten

¹ Sjoch ek *Swingel*, nû. 22 (2008), S.T. Hiemstra, *De Fryske Rie en de trije Fryslannen (1)*, s. 5-10 en *Swingel*, nû. 26 (2010), *17^e Friesen-droapen*, s. 20-21; ek oan te klikken op: www.fryskebeweging.nl/Swingel

² *MEMORANDUM 2006 van het Konsultatyf Orgaan inzake het Handvest voor Regionale of Minderheidstalen. Aan de Minister van Binnenlandse Zaken en Koninkrijksrelaties, Coördinerende bewindspersoon voor Friese Taal en Cultuur, Mw. dr. G. ter Horst*. Ljouwert/Leeuwarden, 2007

³ S.T. Hiemstra (part fan syn bydrage foar de *Advisory Committee foar the European Framework Convention of National Minorities* (it ramtferdrach), 25-02-2009) te Ljouwert, Provinsjehûs):
“And last, with reference to article 18: The *Fryske Rie* asks attention for entering into a treaty with de Länder Schleswig-Holstein, or with the Bundesrepublik itself, to give a more fundamental basis to the protection of their common minority of the Frisians. Such a treaty should give more opportunities for cultural and language-exchanges and support. The *Fryske Rie* does not agree with the conclusion of the comment of the Dutch Kingdom on article 18.2. Though the inter-Frisian contacts are good, it could be better and especially it should be more guaranteed for the future when they are based on a treaty between the governmental authorities.”

drs. Sytze T. Hiemstra is bestjoerslid en Saapke Miedema skriuwer/skathâlder fan de *Fryske Rie*.

Ta beslút

Boppesteande útstellen jouwe ek in moaie oanfolling op en fierdere útwurking fan kêst 14 fan it *Europeesk Hânfêst* dat hannellet oer ‘útwikselings oer de grinzen hinne’. Dat is op it aljemint brocht yn it *Oanfalsplan Frysk* (2008; einredaksje S.T. Hiemstra) fan de *FFU* en oaren (www.fryskebeweging.nl/FFU/aktiviteitenebrieven2010). Kêst 14a slacht op it befoarderjen fan de kontakten tusken de brûkers fan ‘deselde’ taal yn ferskillende steaten op it mêd fan kultuer, ûnderwiis, ynformaasje, beropsoplieding en permaninte edukaasje; kêst 14b op it makliker meitsjen en/of befoarderjen fan gearwurking oer de grins hinne tusken regionale of lokale autoriteiten fan gebieten dêr't de minderheidstaal brûkt wurdt.



tekening Ed Knotter

Sokke grinskrusende kânsen foar it Frysk moatte wy gripe! Dat hawwe de kontakten op ús eigen ‘hillich eilân’ ús wol leard.